

Hûndert koekjes

ferhaal Geertsje Douma, yllustrasjes Luuk Klaazenga



Hûndert koekjes

Tomke is mei Kornelia yn de supermerk.
Kornelia hat al in protte iten yn de karre.
Tomke mei koekjes útsykje:
Ien pak mei grutte koeken
en ien pak mei lytkses.
Tomke rint by de koekjes del.
Sil er cakejes útsykje of koeken mei sjem?
Ik doch cakejes, beslút Tomke.
No lytse koekjes.
Hee, dêr leit in pûde mei in prachtich plaatsje.
Tomke kin net sjen wat deryn sit.
Foarsichtich fielt er aan de pûde.
Och, hy fielt grûtte koeken.
Hy moat l tse koekjes ha.
Tomke fielt nochris
en knypt der in bytsje yn.
Krerrak! heart er.
Oei, Tomke skrikt derfan.
Mar it plaatsje is sa moai!
At hy no ris ...
Hy knypt der noch in kear yn, krerrak!
Nochris, krerrak! Noch in kear, krerrak!
'Bist klear, Tomke?' heart er Kornelia roppen.
'Ja, ja!' skrikt Tomke.
Hy leit de koekjes gau yn de karre.

At se thûskomme,
stiet Romke by it stek te wachtsjen.
Se romje mei-inoar de boadskippen op.

'Komme jim by de tafel?' ropt Kornelia.
'Wy krije in koekje fan Tomke.'

Kornelia makket de pûde
mei lytse koekjes iepen.
'Hè?' seit se.
'Der sitte allinne mar lytse brokjes yn.
Hoe kin dat no?'

'Dizze koeken wienen fierste grut', seit Tomke.
'En ik fyn it plaatsje sa moai.'

Tomke sjocht nei Kornelia.
Soe se ek likk wêze?
'Hahaha!' laket Kornelia.
'Wy hoege fuort net wer nei de winkel
om lytse koekjes.
Wy ha no wol hûndert!'

